

## De sin fan de Warnsbetinking

Yn de simmer fan 1945 skriuwt R.S. Roorda, lid fan de Propagandakommisje fan it KFS in brief oan it haadbestjoer fan dy organisaasje en de krekt oprjochte Ried fan de Fryske Beweging mei as ynhâld, dat it 26 septimber '45 600 jier lyn is dat de Fryske frijheit bewarre bleaun is en dat wy doe net fan de Hollânsk greve ûnder fuotten rekke binne. Hy pleitet foar in tinkstien op it Reaklif en soe graach sjen dat der in nasjonale Tinkdei komt. Dy hie der neffens him wol wêze kinnen as wy de Dútske besetting fan 40-45 net hân hienen.

De Frânske historicus Pierre Nora yntrodusearre it begryp " lieux de mémoire 'as plakken fan oantinken. Op dizze plakken lykje ferline en takomst mei-inoar yn kontakt te kommen. It is kontakt fan wjerskanten: it jout ynsjoch yn it omgean mei it ferline hjoed de dei, mar ek ynsjoch yn de ynfloed dy't it ferline noch hawwe kin op de dei fan hjoed. It monumint op it Reaklif is sa'n 'lieu de mémoire' (betinkingsplak), omdat dêr yn 1345 de oanfal fan de Hollânske greve ôfslein is. In oanfal mei as doel in besetting fan it Fryske gebiet east fan de Sudersee. Gjin freonskipsbesite dus, mar in aggressive died mei fiergeande bedoelings. Earder wie yn 1289 it Fryske gebiet westlik fan de Sudersee troch Floris V ûnder de foet rûn en hearrich makke.

No hoege 'lieux de mémoire' neffens Nora net needsaaklik fysike plakken te wêzen. Betinkingsdagen (26 septimber 1345 *Leaffrouwedei*), mar ek symboalen (flagge), persoanen (Grutte Pier) en ek lieten kinne in spesifyk histoarysk barren oproppe. Sa hat elk lân sokke symboalen as Jeanne 'd Arc of Aletta Jacobs; of 'Merck toch hoe sterk', 4 en 5 maaie (nei WOII), of de datum 14 july om samar in foarbyld út Frankryk te jaan. Oant de komst fan Albrecht fan Saksen as hear fan Fryslân yn 1498 is de Slach betocht. Fansels hienen Albrecht en letter Karel V gjin belang by it fieren fan *Leaffrouwedei*. Letter yn de Reformaasje likemin net, omdat it in 'Roomsk feest' wie.

No leit in betinking fan in wichtich barren út 1345 net foar de hân. Der binne gjin minsken mear dy't it noch meimakke ha sa as it bygelyks mei de Twadde Wrâldkriich wol it gefal is. Dochs leit it mei de Warnsbetinking oars. Al yn de 19e ieu (sûnt de Romantyk) is in latint bewustwêzen fan eigenheid wer manifest wurden. It is in begjin fan in Fryske beweging as reaksje op de Frânske Revolúsje mei syn nasjonalistyske steatsfoarming: Langer gjin romte foar gewestlike autonomy, mar ien lân, mei ien folk en ien taal!

De Warnsbetinking is fuortkommen út dy Fryske beweging, dy't opkomt foar it rjocht op in eigen identiteit: In identiteit, dy't útgiet fan in plurifoarme ienheid mei respekt foar it kultureel ferskaat as kulturele rykdom.

Yn it 19e iusk nasjonalistysk tinken waard ôfweefd mei dat Frysk besef fan kulturele eigenwearde. It rjocht fan kultureel ferskaat (en ek it brûken fan it Frysk) waard ûntkend yn it stribjen nei in ienheidssteat. As gefolch dêrfan hat it Frysktalich-wêzen it skaaimerke krigen fan 'minderwaardichheid' en krijt de taal net of amper de kâns yn Fryslân as earste taal yn ûnderwiis en iepenbiere libben te funksjonearjen. Hoewol't de Friezen fan har taal hâlde, ferbrekke guon harren daliks ek as dat net nedich is. Yn gearkomsten is it Frysk net fanselssprekkend de kommunikaasjetaal. Soks hat in grutte ynfloed op de net-Frysktalige ynwenners. It learen fan it Frysk is neffens harren eins ek net nedich en it ûnderwiis soarget wol dat Frysktaligen it Hollânsk behearskje.

De sin fan 'betinke' is op 'e nij neitinke oer hoe't wy wêze wolle en wêr't wy by hearre wolle. It ree wêzen om morele ferantwurding ôf te lizzen oer wa't wy binne, oer wat 't wy wêze wolle en oer wa't wy wêze moatten soenen. It is in oanset ta etysk bewustwêzen. It dielde oantinken fan doe foarmet de basis fan mienskipfoarming en dêrmei fan ferantwurde moreel hanneljen binnen dy mienskip, sa seit Peter Nissen yn syn bydrage *De zin van herinneren – Soeterbeeck Programma*.

De sin fan de Warnsbetinking is dus net it fieren fan de oerwinning op de Hollânske greve yn 1345. It giet om de ferbining fan it ferline mei it no en de takomst. It barren doe – de oanfal op de identiteit fan de mienskip – is allinne in oanlieding om nei te tinken oer it plak en de posysje fan dy mienskip yn de

hjoeddeiske realiteit. It is net oars as mei de lanlike betinking op 5 maaie: Wat betsjut frijheid nei oanlieding fan de Dútske besetting yn de jierren '40-'45? In Frysk nasjonale betinking is dan ek net stridich mei de Nederlânske steat, omdat de Fryske mienskip mei diel útmakket fan dy plurifoarme steat. Yn 2005 hat it ryksregear it *Kaderverdrag inzake de bescherming van nationale minderheden* fan tapassing ferklearre op de Friezen. Frysktaligen binne folweardige Nederlanners en harren taal is de 2e rykstaal. Kêst 1 fan dat *Ramtfedrach* jout dan ek oan, dat beskerming fan nasjonale minderheden in wêzentlik ûnderdiel foarmet fan de ynternasjonale beskerming fan de rjochten fan de minske. Soks hat (morele) konsekwinsjes foar belied en de opstelling fan de Hollânsktalige mearderheid. De Warnsbetinking oantsjutte as 'onvaderlandslievend of anti-Nederlands' is in beheinde nasjonalistyske utering fan de mearderheid, dy't himsels de macht taskikt om eigen taal/kultuer oaren op te lizzen. Dat wie yn 1345 ek it doel fan graaf Willem IV.

Nettsjinsteande de moaie wurden yn bygelyks Kaderverdrag en de *Wet gebruik Friese taal (2013)* oer it garandearjen fan de likense rjochten fan de Frysktaligen – jout de praktyk noch altyd in oar byld te sjen. Sa is struktureel it Hollânsk wol, mar it Frysk net yn eigen taalgebiet in funksje-eask op alle domeinen. Dat hat ta gefolch it yn stân hâlden fan de minderwaardichheidsstatus foar it Frysk en it opkearen fan it brûken fan it Frysk.

Op de Warnsbetinking kinne dy ûngelikense machtsferhâldings yn in demokratysk ljocht oan de oarder steld wurde. Minsken, mienskippen hearre op grûn fan lykweardichheid mei-inoar te libjen en dat betsjut ek ferantwurdlikheid foar inoar. Oer dy ferantwurdlikheid en solidariteit yn belied en praktyk wurde somtiden moaie wurden sprutsen, mar meastentiids net omset yn deden. Soks legitimearret it hâlden fan de Warnsbetinking.

It bestjoer fan de stifting Slach by Warns

Simmer 2015



### **In koarte gearfetting yn de oare rykstaal:**

Na de 2e wereldoorlog leefde in de pas opgerichte Ried fan de Fryske Beweging de wens om op het Reaklif/ Rode Klif een monument op te richten en – na 600 jaar- een herdenking te organiseren rond de Friese vrijheid.

De Franse historicus Pierre Nora introduceerde het begrip ‘lieux de mémoire’ als plaatsen van herdenken. Plaatsen waar nagedacht wordt over de betekenis van gebeurtenissen uit het verleden in het licht van heden en toekomst. Het monument op het Rode Klif is opgericht als herinnering aan de aanval van graaf Willem IV in 1345 met het doel Friesland onder zijn gezag te brengen. Tot 1498 is de Friese overwinning bij Warns (ook wel Stavoren genoemd) jaarlijks gevierd op 26 september (Leaffrouwedei) als dank aan Maria (de Leaffrouwe). Plaatsen, data en symbolen (bijvoorbeeld een vlag) helpen historische gebeurtenissen in herinnering te roepen.

Hoewel de Slag bij Warns reeds lang geleden is en er geen mensen meer uit die tijd leven is in de Romantiek (19e eeuw) het latent besef van eigenheid als (taal)gemeenschap weer manifest geworden. Er ontstond een Friese beweging als reactie op het rijksbeleid van opgelegde eenheid ook wat de taal (het Fries) betreft. Gewestelijke autonomie werd na de Franse revolutie als verwerpelijk ‘provincialisme’ beschouwd.

De *Warnsbetinking* (herdenking van de Slag bij Warns) is uit de Friese beweging voortgekomen en komt op voor het recht een eigen identiteit te hebben, waarbij uitgegaan wordt van een pluriforme eenheid met respect voor culturele verschillen. Deze gewenste situatie is nog steeds geen realiteit. Als gevolg van deze politiek van achterstelling functioneert het Fries vooral in de hogere domeinen slecht en is bij de Friese taalgemeenschap sprake van een aangeleerd minderwaardigheidsbesef.

De zin van het herdenken is steeds weer opnieuw doordenken van wie wij (willen) zijn als Friese gemeenschap.. Het vormt de basis van gemeenschapsvorming en verantwoordelijk handelen. Bij de ‘*Warnsbetinking*’ gaat het niet om het vieren van de overwinning op de graaf toen, maar om het nadenken over de toekomst van de Friese taal – en cultuurgemeenschap. Deze herdenking is niet strijdig met de Staat der Nederlanden, omdat de Friese minderheid sinds 2005 ook juridisch erkend is als de enige nationale minderheid.

Ondanks dit Kaderverdrag en de in 2013 aangenomen Wet op het gebruik van de Friese taal geeft de praktijk nog veel zorgen. Nog steeds wordt het Fries in eigen taalgebied achtergesteld bij het Hollands (als **de** Nederlandse taal). Deze ongelijke taalmachtsverhoudingen legitimeren de Warnsbetinking. De hoop op gelijkwaardigheid in beleid en praktijk is het democratisch doel.